

## ANBI-gegevens Douwe Kalma Stifting 2022

- I. Namme van de ynstelling: Douwe Kalma Stifting
- II. RSIN-nûmer: 8051 55879
- III. Post- en emailadres: Master Fopmawei 7, 9023 AJ Jorwert  
ynfo@douwekalmastifting.nl
- IV. Doelstelling:  
It doel fan de Douwe Kalma Stifting is de befoardering fan it Fryske kulturele libben yn it Frysk. De stifting besiket om ta dat doel te slagjen troch it jaan fan finansjele stipe oan aktiviteiten, publikaasjes en projekten.
- V. Beliedsplan:  
De Douwe Kalma Stifting wurket oan syn doel, lykas fêstlein yn it karbrief, troch publikaasjes, produksjes en eveneminten dy't neffens it oardiel fan it bestjoer dat doel befoarderje, op oanfraach te skewielen mei in stipe. It bestjoer komt dêrta fjouwer kear yn it jier byinoar. De ynkommen oanfragen wurde dan bepraat, en oer elke oanfraach wurdt in beslút nommen. Bestjoersleden dy't persoanlik of út in oare funksje wei mei ien fan 'e oanfragen anneks binne, nimme net diel oan de beslútfoarming oer de oanbelangjende oanfraach.  
Ynsidinteele kin it bestjoer beslute op eigen manneboet aktiviteiten te organisearjen of publikaasjes of produksjes te publisearjen, as dêrmei it doel fan 'e stifting neffens it oardiel fan it bestjoer tsjinne wurdt en de bekendheid fan de stifting op in passende manier fergrutte.  
It bestjoer stribbet dernei, it fermogen fan 'e stifting yntakt te litten, en inkeld de ynkomsten út it fermogen te brûken foar stipen en bestjoerskosten.  
Dit beliedsplan is oannommen yn de bestjoersgearingomste fan 28 oktober 2013. It giet yn op 1 jannewaris 2014 en is jildich foar in perioade fan 15 jier.
- VI. Gearstalling bestjoer en funksjes (per 31 desimber 2022):  
Foarsitter: L.H. Westra  
Skriuwer: A. Kaspers  
Skathâlder: W. Santema  
Bestjoerslid: J. Krol  
Bestjoerslid: G.B. van der Wijk
- VII. Beleaningsbelied:  
Der is gjin persoanel yn tsjinst, bestjoersleden krije gjin fergoeding foar harren warberens foar de Stifting. Wol kinne makke ûnkosten vergoede wurde.
- VIII. Ferslach fan de aktiviteiten:  
It bestjoer hat yn 2022 fjouwer kear vergadere. De gearkomsten stiene mei namme yn it ramt fan it beoardielen fan de stipe-oanfragen. Yn 2022 koene in hiel oantal moaie initiatieven finansjeel stipe wurde. Njonken de behanneling fan de oanfragen kamen yn de bestjoersgearingomsten ek oare ûnderwerpen oan de oarder, lykas de jierrekken, de bestjoersgearstalling en it belizzingsbelied.

IX. Finansjele ferantwurdig**BALÂNS OP 31 DESIMBER 2022**

	<u>31-12-2022</u>	<u>31-12-2021</u>
	€	€
		€
<u>A K T Y F</u>		
<u>FÊSTE AKTIVA</u>		
<u>Finansjele fêste aktiva</u>		
fêste termijn sparjen	410.000	410.000
sparrekkens	<u>500.000</u>	<u>531.816</u>
	910.000	.....941.816
<u>TYDLIKE AKTIVA</u>		
<u>Foarderings</u>		
oerrinnende aktiva	11.060	.....11.060
<u>Likwide middels</u>		
bank	37.868	.....5.564
	<u>958.928</u>	<u>958.440</u>
<u>P A S S Y F</u>		
<u>EIGEN KAPTAAL/RESERVE</u>	917.808	.....926.025
<u>KOARTRINNENDE SKULDEN</u>		
bydragen, subsydzjes	37.150	29.535
oerrinnende passiva	<u>3.970</u>	<u>2.880</u>
	41.120	.....32.415
	<u>958.928</u>	<u>958.440</u>

## RESULTATENREKKEN

	<u>2022</u>	<u>2021</u>
	€	€
<u>Baten</u>		
finansjele baten	18.587	13.949
oare baten	<u>2.270</u>	<u>-</u>
	<u><u>20.857</u></u>	<u><u>13.949</u></u>
<u>Lêsten</u>		
bydragen, subsidyzjes en al sa mear	24.742	18.985
bestjoerskosten	948	598
algemiene kosten	<u>3.384</u>	<u>3.452</u>
	<u><u>29.074</u></u>	<u><u>23.035</u></u>
<u>RESULTAAT</u>	<u><u>/- 8.217</u></u>	<u><u>/- 9.086</u></u>

## TALJOCHTING

It resultaat oer 2022 is utkommen op 8.000 euro negatyf. De baten binne heger as ferline jier, mar de lêsten binne ek heger. De hegere baten binne it gefolch fan hegere rinte-yнкомsten en oare baten. Yn 2022 is foar hast 25.000 euro (2021: hast 19.000 euro) oan bydragen, subsidyzjes en al sa mear verstrekt oan tal fan moaie Fryske inisjativen op ferskate kulturele gebieten. De bestjoers- en algemiene kosten leine likernôch per saldo op itselde nivo.

It resultaat fan goed 8.000 euro negatyf is yn mindering brocht op it fermogen fan de stifting. Ein 2022 wie it fermogen fan de stifting omtrint 918.000 euro.

Sjoen de aard en omfang fan de aktiviteiten stelt de stifting gjin begrutting op foar it kommende jier. De rinte baten lizze ridlik fêst om't it fermogen foar in wichtich diel fêstlein is yn deposito's mei in fêste rinte fergoeding. De lêsten fertoane al in oantal jierren in min of mear stabyl patroan. De úteinlike baten en útjeften yn 2022 leine yn line mei de ferwachting.